



**Heech oan, en Smalbrêgge net ienris bisile, ef: it moat earst
op 't slimst ear 't betterje kin! : toanielstik yn ien bidriuw**

<https://hdl.handle.net/1874/234559>

327 Br. 1073. III, 24
mm 10974

106

BIBLIOTHEEK DER
RIJKSUNIVERSITEIT
UTRECHT.

146

HEECH OAN, EN SMALBRÊGGE
NET IENRIS BISILE

EF

IT MOAT EARST OP 'T SLIMST EAR'T BETTERJE KIN!

TOANIELSTIK IN IEN BIDRIUW,

THROCH DE SKRIUWER FEN

»FIOUER ROTTEN IN IEN FALLE».

J. H. Kema

HEARRENFEAN,
N. A. HINGST.
1873.

PERSOANEN.

Siouke, boer.

Boukje, sîn wif.

Ulkje, {
Betsje, {

hiar dochters.

Alc, de greatfeint.

Metten, de litsfeint.

Trin, de faem.

Sitse, bûrman.

It stik spilet in 'e Simmerwente fen Siouke.

EARSTE TOANIEL.

Trin. (*Hiu scil ien en oar opprédde in 'e simmerwente, hwer 't er biuster hinne leit.*)

»'t Is my in folkjen" sei de dível, »en hy hie de kroade fol kikkerts". As er de kroade fol froulin hawn hie, sa 't wy se hjir oer 'e fier hawwe, den hied er yet oars hwet to stellen krige. — Sioch my dat nou ris oan! Me scoe siker net leawe kinne, dat dy wildeboel it wirk is fen fammen, dy 't er hiar op foarstean litte, dat hia sa thige by thige biskaefd en forlochte binne en jimmer de mûle fol ha fen in oar mans lek en brek, as hieden hia sels in strielkranske fen heilichheid om 'e holle. Elts moat sels witte hwet er dwaen en litte wol, mar ik sids, dat it net útkomt eptich en pronkmoai oer striette to stappen en thûs de boel oan 't lot oer to litten.

Hwet dogge hia by de boer ek mei al dat wite gerei! 't Is for in faem ek hwet, jimmer in sa'n forwaeide boel om te tisen. Mar Trin fortsjinnet in thige heech lean, dy mei der ek wol thige hwet for dwaen. Sa seit de frou, en sa sidze hiar greate dochters. Dy lûke mei elkoar ien line. As hia it skip mei de tid yet ris op 'e wâl lûke, scoe 't my neat ny dwaen. Der binne wol greater wûnders bard.

As wieren 't prinsessen fen 't allerheechste skaei, den hoefde it net briker.

Dat leit moarns op sîn bêst ont acht ûre ta in 't nêst. Den komme de jiffers foar 't liocht. Earst in ûre oardheal klaye en mei 't hier ommûsje, hwent de car-

isers dy binne for goed ôfthanke, den in swiet kopke thé mei in stikje pipkenielbôle en einliks oan 't skreppen in 'e moadeprinten ef mei de naeimachines oan 't knoeyen. Alles oeral helje en neat út 'e wei sette. Middeis fen sels let ite, dat is op sin greatelius, en tsjin 'e jûnd op 'e flitter ef nei kranskes en bisiten om as 't hwet wierret yet ris in jonge hear op to dûken, dy 't sa biskaefd is, dat er om midsnacht mei hiar throch de tsiustere leantsjes op hûs ta swalket. Sa giet it as wy hjir oan hûs to minste gjin oansetten ha. En den wit elts wol, ho let as 't is.

Der is by de boer wol oars hwet to forstriken as printsjeknippe en flinterflappe.

TWADE TOANIEL.

Trin, Metten en Ale.

*(De beide leste binne in hiar
wirtpakje fen 't lând komd.)*

Ale.

Nou yette de kofje net ré? 't Is al by healwei fiven. Piere folk is al lang in 'e jister. Hia kinne dien, as wy to set komme.

Metten.

Dy frouliu ha 't tsjinwirdich fierst to drok mei de moaye klean, moast thinke. 't Giet tsjin 'e merke, en den wol me ek al lieafst hwet keapsioch wêse. Oars hat me alheel gjin kans. Der komme safolle.

Trin.

Hald dou din snetter, smoarge jonge! Pas út 'e dop en 't heechste wird!

Witste hwet, Ale, jimme matte jimme sels mar sican to
rëdden. Ik ha hjir de handen al mear as fol.....

Metten.

't Liket er oars mear nei datst' de mûle fol haste.

Trin.

Dou bist my gjin praet wirdich.

Metten.

Den halde ik my lieaver mar deastil, Ninke, as ik dy
wier.

Ale.

Hald mar op fen iggewearjen, 't kin sa wol. Dat sit
elkoar mar altid in 'e kaem; 'k woe dy wiser ha, Trin.
Sids my lieaver ho 't komt mei 't melken.

Trin.

Ho 't komt mei 't melken? Dat kenste sican! Ik
kom jûnd net in 'e jister, dat kin 'k dy wol fortelle. Der
mat yette reamme wirde en allegearre. En de frou is
op bisite nei Dominys. Dat seil net ier wirde. Oars
moast er ek nedich tsjerne wirde. 't Molken is al lang
rûn. 't Tsjisjen dat mat ek mar oerbliuwe. Smit de
mâlke mar wer in 'e tonne for de bargaen en keallen.
Moarn is se dôch sûr.

Ale.

Kin dat den sa?

Trin.

As it sa kin, dat skeelt my net, mar ik sids, dat it
sa moat.

Ale.

Dou kinste wol hwet prate.

Trin.

Lit my den mar prate, den kinstou it om min part wol dwaen. Wolstou lieaver in min plak, den kinstou mar reamje en dwaen, op 't iten en drinken passe en alles foar elkoar stelle. Hawar, den seil ik it lând, wol mei in. Om 'e jierren hoefste dy net to skamjen. Letter kin 't dy mûlk to pas komme. Komoan, den kinstou hjir mar in 'e hûs bliuwe. Of woeste it hûs mar leech stean litte?

Ale.

Dat is mar gikkepraet. Hwer binne Ulk en Bet? Lit er ien fen hiarren reamje en op 'e doar passe, den kinstou de málke onderwilen útbringe en yet in torntsje in 'e jister komme; ef as er ien fen hiarren mei melke wol, dat is my ek goed.

Trin.

Dy frouliu, dat wítste wol, dy skrikke al as se mar fen in kou praten hjerre. Dêr moatste mar net op tidje. Dy binne ris for in inkelde kear op 't kranske. Dêr kinste it siean. (*Hiu wíst yet op hir útteine spillen, dy 't er throch enoar lidze*). Dat wirth op sin bêst midsnacht, ear't dy wer op hûs tasetten komme.

Ale.

En de boer den?

Trin.

De boer seil wol thinke, dat er dôch gjin smiten mei de mûtse nei is. Hy hat ek wol gelik; ik fordyde it ek. Sin greate bern lacitsje him ta út, as er mei jok en

amers it lând úttrapet. Dat is hiar to gemien, witste?
En den is 't al fier komd, dat sids ik!

Metten.

Ik woe dat 't sa fier mar kaem, datste my ris seiste hwer
't de breabak en 'e tsjinsnappe steane, den seil 'k my
sels wol rêdde.

Trin.

Dy steane op 't âlde plak in 'e fiúrherne. (*Metten giet.*)
Witste Ale, hwet plan as ik ha. 'k Nim skielk de
sile op 'e hakken en 'k strik er út. 't Is sa gjin lib-
ben. 'k Ha ek twa jier by Nannes wenne. Dêr laei 't
lând heel hwet oars. Dêr pakte elts mei oan. Moarns
flower ûre, tid op, d' iene sawol as d' oare. Tsien ûre
moarns oan 'e kofje, toalf ûre middei en jûnds acht ûre
to koai. Dêr hie me yet ris in eagenblikje lins, om jins
stikken goed ris hwet op to knappen. Mar hjir....

Ale.

Hjir is 't ek heel yet wol út to hâlden. Dou kinste
de sile wol op 'e hakkerit nimme, mar dêrmei is 't siker
net wûn. Hwer findste sa'n bêste boer for sîn folk, as
wy hjir ha?

Trin.

De boer dêr ha 'k neat tsjin. Mar der leit ûs mear
oan 'e frou gelegen. Witst' dat wol?

Ale.

Dat seil wol sa wêse. Mar arbeidje dat moatste dôch
oeral. En ha wy it hjir net goed fen iten en drinken?

Trin.

Goed fen iten en drinken, dêr kom ik net op, al wit

ik dêrom wol dat de frou en hiar 't wol helte better ha. Mar sioch, dat is *hiar* saek. Dat ik it net moai find, efter 'e hând alderhande swietekou to iten, dat is *mîn* saek. Dou bigripst my wol.

Ale.

Ik bigrip dy thige skoan. Mar dou mast ek ris bigripe, dat er oeral en in eltse libbenstând folle to winskjen oerbliuwt. As 't hjir alles to wrald sa wier, dat elts it nei sîn bijearren hie, den koe 't breidjen ek mar for goed dellein wirde. Den hieden wy hier dien. Foar en alear aste der net fen oertsiûge biste, seilste hjir gjin frede mei dy sels ha. (*Metten komt in.*)

Metten.

Komste nou, Ale; 't spil is ré, hjer!

Trîn.

Doch efkes tid, Metten. Ale bigjint to sedepreekjen; dat hajy mei dyâlde bidaerde feinten as se hiar oan 't swiet fen de jonge jierren ba iten ha.

Metten (*kloppet Ale op 't skouder.*)

Dou meiste oars yet wol ris in swiet bekje, n't Ale? Dat witte *wy* wol. En Jolle faem dy wit it ek! (*Ale giet stil hinne.*)

Trîn (*him nei.*)

Jolle faem! Aste it dêr fen ha moatste, Ale, meiste ek wol nei tsiuster moanne winskje.

Metten (*gikoanstekkend tsjin Trîn.*)

Nou, sa sniûndtojûnds, as er nei bûrren giet to skearren, kin 't ek wol aerdich donker wese.

THRËDDE TOANIEL.

T r i n allinne.

Altid foart en nea by honk,
 Jimmer in 'e moaiste pronk,
 En Roasje sorgje litte!
 Dat 's it sribjen hioed de dei,
 'n Fliuchst de greате heap net nei,
 Den bliuwst allinne sitten.

Kom mar heel foarnaem foar 't liocht,
 Sa 't me in *hóoger kring* dat siocht,
 En lit din greatme skine;
 Al gean' de saken thús net riucht,
 As 't dér al in it hûnderd fliucht,
 Och, né, dat siean nin blinden.

Mar 't giet hir as minhear *fen Honk*,
 Dy troude lest mei jiffer *Pronk*,
 Elts thoct in aep to finden!
 Mar do 't de riuchte aep ris kaem,
 Och lieave sei! do fûnd de faem
 Dea mûsen foar de spinde.

Nou bin ik warempel yet allike fier as strak. 't Scoe
 yen siker bigjinne in to barnen. Hawar, in slach mei
 de Franske swipe er oer. (*Hia set ien en oar rimpen to-
 riuchte, pakt handich in siou kleanspillen by elkoar en giet
 siongende nei efteren*).

FIERDE TOANIEL.

Siouke.

'k Ha 't wol thoct, dat it wer sa útkomme scoe. Gjin

ien fen 'e feinten yet in 't lând en wer nimmen fen 'e frouliu thûs. 't Is ef it net op kin. En och, as hia ris heal wisten, ho de forke hjir in 'e stalle sit, (Ropt Trin!)

FIFTE TOANIEL.

Siouke en Trin.

Trin.

Hwet is er boer?

Siouke.

Hwer sitte de manliu?

Trin.

Dy steane klear nei 't lând.

Siouke.

En de frouliu? Hwer is min wif?

Trin.

Dy is nei Dominys jiffrou op bisite.

Siouke.

En Ulk en Bet, hwer binne dy?

Trin.

Dy binne nei Sibe Griet.

Siouke.

Hwet scoe dêr wer oan 'e hând wêse?

Trin.

Wit jy net? Griet hat jister ek sa 'n ding thûs krige, lik as wy in 'e foarkeamer ha.

Siouke.

Ho 'n ding?

Trin.

Sa'n piaending, dêr se den sa op om tingelingje. Hwer 't Ulk den wol foar sit to aljen.

Siouke (*in him sels*).

Kom, den kin Sibe nou ek ris op 'e hichte fen 'e tîd komme. 't Scoe him oars foardieliger wêse, as er in pleats mar ien fen sin beste ky forspile hie. Den wier 't ûnk to minsten oer to siean. (*Tsjin Trin op in stellige toan*). Dou gietste dalik nei Sibes en seiste dat de frouliu *in ienen* thûs komme. Sids dat út namme fen my! — Mei dat selde boadskip kinste ek nei Dominys gean.

Trin.

Jonge boer, dat seil net gean. Dy bisite by Dominys is yet lang net ôfrûn.

Siouke.

Dat skeelt net. Lit Bouk er den in ein oan meitsje. Jiffrou seil in elts gefal wol mei 't boadskip innomd wêse, dêrthroch hat hiu to minsten kâns, dat de oaren ek foar midsnacht ôfdrosse.

Trin.

't Is my bêst, mar ef de frou der ek sa oer thinke seil, scoe 'k wol bitwivelje. (*Fen siden*): Hwet ik dêr fen thinke moat? As er nou ek mar gjin ûnwaer broeit.

SECHSTE TOANIEL.

Siouke allinne.

Hwet scoe 'k in boppest bêsten wêse; hwet scoeden min wif en bern folle mei my op krye, as ik woe, sa 't hia wolle. 'k Moast brekke mei alles hwet 'k fen min fromme, froede foarâlden ha. 'k Moast it nye liocht hildigje, en al it frjemde, dat hjir in 'e hûs geartoage wirth mei folle ophef biwûnderje. For eltse nye japon fen min greate dochters mast ik de hânden fen fornoeyinge in ien slaen, for eltse krol jimmeroan in swiet glimke hawwe. Hiar knappens, hiar moayens en hiar leardens mast ik oeral breed ûtmjitte en freedts fen Liowerd stees in wein fol fen 't allernymelrichste gûd mei bringe. Sels mast ik my klaye en foardwaen, as man fen heger komôf. Mei de Rozenburgers mast ik omgean. Mei de Solkema's my allik stelle. Oeral foaroan en mei by wêse. En lieaver scoe 'n se yette sian, dat ik de hiele boerkery mar oan kant die en in bûtentsje ûnder 'e stêd oankoft.

To arbeidjen for de kost, der stiket in ûs tid sa min care in, dat me mar lieaver nei 't fry Amearika oerstekt, as 't ienkear safier komd is, dat me de handen oan 'e ploech slaen moat O, bern! (*Hy kryt de fesse út de kast, skinkt him in bittersje in en hâlt in romer fol foar 't liocht.*) Dat is faek de leste taffluucht for in minske, 'hwer 't er sîn treaste in siket, as er foar 't leste anker leit. 't Smakket sa swiet, omdat it for tid en wile de sorgen fen 't herte spielt en de holle fen swierrichheden ûntlêstget. Sa is 't ek to forklearjen, dat er safolle achtbre minsken sels lok en libben Skiedam ta'n offer bringe, en mei min dy altid foroardiele en biddfalle? (*Hy drinkt en skinkt op in ny in*).

SAUNDE TOANIEL.

Siouke, Sitse.

Sitse.

Wel bûrman, dat stiet er skoan foar!

Siouke.

'k Bin bly, dat jy ris oerkomme, Sitse. Gean sitten.
Ek in bittersje?

Sitse.

Jonge ja, dat kin wol. Min folk koe 't jûnd thûs
wol ôf. Ik thoachte sa, kom, lit my mar ris nei Siouke
tatraepje; dy fornim ik tsjinwirdich alhiel net in 't fjild;
mûlk dat er wol eat oan skeelt.

Siouke.

Ja, dêr skeelt hiel folle oan, Sitse. De frouliu binne
allegearre fen honk, en ik sikje min treast dêr by (*hy*
wist op 'e flesse), en den witte jy wol, dat de saken net
riucht geane.

Sitse.

Kom, kom, dat is sa folle sein, Siouke.

Siouke.

Né, dat is 't net bûrman. Sa't ik jo nis sei, sa is 't
net *ien* dei, mar sa is 't *alle* dagen weroan. En scoe 't
den riucht gean? Skeelt er den net hiel folle oan?

Sitse.

Och, min goede man, as jy dêrop komme wolle, dat
is to users al krekt allik. Dat is foart ef dat seil foart,
en as ik déroer krimmenearje woe, koe 'k altid wol

klear komme en see 'k de quael mûlk yette slimmer meitsje. Derom lit ik it mar stiltsjes bitsiean. Ik think, it seil mei de jierren wol better wirde. 't Is hwet in oare tid, as do 't wy jong wieren.

Siouke.

Dat ha jy goed, Sitse. Ik bin tominsten sa net opbrocht. En as ik think oan ûs mem, dat goe sloof, dy wier al in 'e sauntich en dôchs altid yet moarns de earste en jûnds de lêste. Der ging gjin eagenblikje tid nutteleas forlern. Wier der al ris in liddich setsje, dat siet to nayan, to breidjen ef to spinnen, al nei 't de tid sei. En faken sei se den wol sa, dat hir wirge lea dat altid lang net barre mocht. Mar hwet dogge hiar bern en bernsbarn?

Sitse.

Dy dogge oars en tsianne lieaver it fjild ris in en litte Roasje for 'e takomst sorgje. — Ik sids wol ris sa: »*Hwer de âlden ophâlde, dêr sette de bern de streek fen 'e miet om fen ôf to bigjinnen.* Dat wol hjir sawet sidse, as bygelyks in âlder tweintich thûsen gûne rik is, den scille hiar bern, hiar inbeldje en forteane, as hieden hia elts ek oer in tweintich thûsen gûne to biskikken. Sa ken ik in ald wethalder mei in thige krasse holle, en as jy nou sin jonges hearre, den scoeden jy siker sidze, dat binne ek allegearre al wethalders mei 't dûbeld forstånd fen hiar alde. Sa bout nou faek it jonge slachte op 't alde en komt al heger en heger, en gjin wûnder fen sels, dat er nou en den ris ien fry ûnseaft fen boppen thruselt. Min wol in ûs dagen mear likje as me is, mear dwaen as me kin en hirder foarût as de krêften it talitte. Us bern dy geane ek mei; dogge se it net, den bliuwe hia efter, minder in wearde as wol in eare en oansiean. Dat is de tidgeast, en as wy dêr al tsjin oangeane, Siouke, it baet ûs net. It giet dêrom sin gong; en kinne wy er for

ûs gjin frede by finde, lit ûs den thinke, dat er út it queade faker as ienkear it goede foartkomd is, lik as de skiednis ûs dat leart.

Ik sids jo, dat it by users ek altid gjin moai waer is. 't Giet my faek oer 'e hege skoer hinne en den spant it er dikers om yen altid stil to halden.

Siouke.

Ja mar, Sitse, jou ha 't altid yet mei jonges to rêdden, mar ik mei hûshalde mei kleare frouliu, en jy witte net hwet dat in hat.

Sitse.

Think er om, min jonges wolle it ek al mei witte. Sa gau as sokke bern grûtjen hearre, dat heit en hiar er hwet waerm in sitte, den bigjinne se to risen en witte yen al ringen to sidzen, dat it wirk for de dommen is. En praet jy fen weelde! 't Is by users ek it iene ny pakje mar efter 't oare en allegearre allike moadrich. 't Is faek net heal to'n ein, ef it wirth er mar wer hinne smiten. Dy klayingspoepen binne forgees sa tsiok en sa fet net! — Kortlin moast er in nye tilburry komme, en pas hieden we in ny glêsen weintsje krige, lik as jy witte. De kapsjeas wier efter 'e moade. 't Wier hiar net mûlk, der 't fjild mear mei in to gean. Dat koe wol for my, mar net for hiar. Think ris ta, ho heech min bern ek al by hiar sels opsiogge. En mei de hinsers ek; alle klapsketen moat er al wer moayer en al wer better komme, dy al wer hirder en hirder kinne. En as jy ris wisten, hwet bûsjild as er ûnder al dy bidriuwen to sik rekket, den scoe'n je siker hast bang wirde for 't skaed fen jou egen bern. Dat fliucht mar mei de fammen nei Hollând en wit hwer earne hinne, en sids ris dat jy net to sprekken binne, as se jo op 'e bûse komme..... En och, by mem wirde hia dôch rêdden.

Siouke.

Goed en wol Sitse; mar op 'e tid pakke jou jonges ek yet ris wer flink mei oan en wolle hia de rêch yet ris in 'e locht sette en hiar lea brûke; mar hjir dy greate froulin: altid allike *drok* mei *neat dwaen*. En as hia al ris thige hiar bêst mei dogge, den is 't om jo fen 'e wâl in 'e sleat to arbeidjen. Der kin hwet útthocht wirde, mear as de pong goed is, dat sids ik jo. Hwet er hioed for nys in Paris is, dat hawwe wy hjir moarn oer 'e flier en witte je wol, dat wy mar op in hierpleats wenje en dat de hieren heger wirde nei 't de bern swieriger for 't liocht komme..... (*Hy drinkt ris en skinkt wer in*).

Kom ris for in aerdichheid in ûs pronkkeamer. Dy is nou for in inkelde kear oer glânse. Kortlin is er offerve, alhiel in 't wit mei forgilde rânstsjes ôfset. Do moasten er nye stoellen mei sittings komme. Do nye tapitsjes en oare kleden oer 'e flier, matten dat wier gjin moade mear. Do oare girdinen foar de glêsen, mei sokke hakkeletakjes. Do in nymoadrige rûnde tafel op ien foet, hwer 't hia hiele deagen op om lidze kinne to kliemen en to wriuwen. Nou wolle se ek yet graeeh sa'n chiffonière ha; de alde wol net riucht glêd en dêrby kleurt er ek net mear, den scoe 't swart mahoniehout wese moatte, nei 't hia sidze. Den ha se yet in nye pomplampe in 't each en wit hofolle oare dingen, hwer 't ik de nammen net ienris fen bithinke kin. 'k Hear wol, dat de frou faken seit: »it iene moat nei 't oare, oars hat it sa gjin gefallichheit.» Ik liet er al op folgje, ho 't it den wol *in 'e commode* der ûtsiean moast, as 't iene nei 't oare scoe, mar dêr hie se alhiel gjin earen nei. (*Hy giet opstean.*)

Kom ris mei, Sitse; den kinne jy jo sels oertsûgje, dat sa'n rik in 't boerelând net bistean kin. (*Hy nimt sîn glêske leech*). O, bûrman, dat gûd bigjint my sa swiet to smeitsjen.

ACHTSTE TOANIEL.

Ulkje en Betsje. (*Dy op 'e lûster stien ha.*)

Ulkje.

Nou hast it den ris hjerre kinnen, Bet, ho 't ûs heit oer ûs thinkt. Scoe me der net útrinne? Me docht dei oan dei yens bêst om hwet mei smaek foar 't liecht to kommen en alles hwet op order en in 'e es to hâlden en den sa oer 'e hikkel helle to wirdden? Dat is nou ûs lean. Pas fen 't hiem, ef der wirth och en wea roppen, dat dy bern mar altdid op 'e siou binne en neat út 'e wei sette as mar pronkje en de boel opmeitsje.

Betsje.

Wite jy hwet, Ulkje. Hjir in, dêr út, sokke praetsjes. Ik laeitsje er hwet om. As er sin nocht fen ûs het, den moat er ûs it gat fen 'e doar mar wise. Dat scil ik him ek ris fortelle.

Ulkje.

Dat wy der ris útgean, dêr bisteane siker wol reden for. Hwet wille hat me hjir in 'e hûs. Altdid weroan, datselde rowe gemiene praet fen 'e boaden, dy 't rûndom foaroan en mei by matte en nearne gjin bigrip oer hawwe. Ik skamje my faek, as er in fatsoenlik minske binnen doarren komt, dat min dêr mids insit.

En nou de faem to stiûren: »*Jimme heit hat sein, dat jimme dadelik thûs komme moatte*», towile min hiel biskieden in in deftige kring mei oansit? Hwet mei de jonge hear Sweitsema wol thinkel!

Betsje.

Dy scil wol sidze: »*Betje en Uline die moeten zeker met den ouwe het land in*». 't Is oars siker net om to

laeitsjen; mar hwet scil min? Me sit ionkear in 't skípke en salang as 't driuwt, is 't slim oan 'e wal stappen.

As wy mar trou mei nei de smoarge jister teagen en ús mei 't gemiene haifolk lik stelle woeden, den scoe ús alde wol sa blier laeitsje. Ef as wy mei sa'n áldwive blawe doek om 'e holle en mei in blaudrukt of fifskaft jak oan jimmer by de tsjerne stean woeden to polskjen, dat scoe him ek nei 't hert wése. — Ik woe lieaver! As wy moasten, Ulkje, wier 't hwet oars, mar wy hoeve sa net. 't Mei ús hiel wol barre, en ik wol leawe, dat w' er mear quea oan deden as goed, sa de earne wirkliu it brea út 'e mûle to hâlden.

Ulkje.

Dat ha jy goed. As wy 't ris tsjin him seyen? Hy hoeft ek sa net. Jimmer de earne arbeider út to hingjen, it is skande, dat 's wier; mar hy skammet him nou suver nearne net for. Dêr warempel ús mem ek yet it boadskip to stiûren, dat hie in ienen thús komme moat. . . . Dat scil him sûr opbrekke! Sokke frjemde nukken. Krekt as er by tiden net wis is. Ik wit to minsten net, ho 't er 't in 'e holle kriget. En den der ek yette fen to praten lidze tsjin Sitseboer, fen sels dat wy nearne ta doge, en dat hy der oer en to folle is. Sitse kin 't waerm oerbringe, en 't is krekt koarn op 'e múnle for Antsje-moai en hiar greate jonges. O Bet!

Betsje.

Antsje-moai scil wol sidze: »'k Hat lang wol thoct, dat Siouke gjin riochte wille in sin egen hús hat; hy siucht er neat fleurich út'', en dy greate Gauke, kraeit it fen sels de hiele wâlden oer, dat er oan dy Siouke frouliu nou den suver alhiel neat is gelegen, dat hiar egen heit it sein hat, en dat it dos ek wol wier is.

Ulkje.

Sa kin dat sleawe folk krekt. Wy kinne der mar

moai mei op in sliuchte namme komme; der binne altid dy 't leawe, in oarmans quea wol de liu throchgeans wol oan, en ûs meye se dôch graech ris oer 'e hikkel helje. Ofginst wit jy, omdat se net tsjin ûs út kinne. (*Sunich.*) Komme heit en hiar der net oan?

Betsje. (*Hiu wol Ulkje meilûke.*)

Ja, kom mei, ju.....

Ulkje.

Ik bliuw hjir stean. Ik wol reden fen ûs heit ha. Hwet mient er wol, sin egen bern sa út to meitsjen! Us sa'n kroane op 'e holle to setten! O, Bet, it is throch alles hinne, as me mei yens wille to rie gong den.....

Betsje.

Ei ju, meitsje jo sa lik net. Laeitsje der om. Kom foart mar. Wy geane hwet in 'e sidkeamer sitten en nimme in glêske nye framboasen mei in kreakelinkje. Dat forset de sinnen hwet. To, kom foart!

Ulkje.

Né Bet, ik doch it net. Dat fordy ik. Yen op sa'n sliuchte namme to bringen, hwer 't de hiele wrald skande fen sprekt; it komt sa 't komt, ik wol der mear fen witte. (*Giet biskûl.*) Hjir kin ik it ris aerdich oanhjerre hwet dy alde basen yette fierder to bikonkeljen hawwe.

Betsje.

Ik forpof it ek, om allinne in 'e sidkeamer. Den kom ik by dy. (*Hiu giet ek biskûl.*) Dêr komme se oan, hjer!

NIUGGENDE TOANIEL.

Sionke, Sitse.

Sitse.

Lândhearre kin 't net moayer ha, Sitse.

Witte jou berntsjes dat sels allegearre sa foar enoar to stellen en in order to halden?

Siouke. (*Oandien.*)

Sels? Sels dogge se safolle net (*hy knipt op 'e neil*). 't Libbet hjir fen skroarren en moademaksters, en elts dy mar jiffer en jiffrou spilet, kryt in earepleats in 'e blinkende pronkkeamer, om dy to biwûnderjen. Lokkich dy 't den mar bekjeflaye en thige beare kin. Dy 't breedst fen alles wit op to jaen en mar nin heechklinke warden foar de frouliu brek hat, dy wirth hjir let en set en tathreaun, hwet 't mûltsje mar lest en 't herte bigearret

O Sitse, jy kinne 't jo in 'e fierste fierte net bigripe, ho'n swiere sile as ik hjir to lûken ha. In hert fol sorgen en in holle fol swierrichheden, binne 't lean for al min wrotten en wermjen, dat ik jimmer dien hab. Praet ik er tsjin min wif en bern ris oer, dat it rik sa great net is as hia fortoane; dat ik it spil mei de bêste wille sa net foar enoar hâlde kin, en dat it sa ienkear fêst rinne scil, den lacitsje se my út en piukke my mei de fingers nei. Dêrom swy ik altid mar, mar dêrom ha 'k den ek safolle to forkropjen. 't Docht my indied goed, min hert ris fry útprate to kinnen tsjin jo as goe friënd.

Sitse.

Scoeden jy net hwet oerdriuwe, bûrman? Jy matte ek net to swier oer alles thinke.

Siouke.

Sids dat net, Sitse. Sids dat net. 'k Ha jierren min

bést dien om de saken riucht to halden, om hwet foarút to kommen, mar 't iene slagge sa min as 't oare, sa'n hûshalding mei sa'n bistiur, der wier foar my gjin bolwarkjen tsjin. 'k Ha jimmer hope op better tiden, mar dy hope is nou forflein, de moed my binomd; 'k lit de handen slop hingje, 't spil driuwe sa 't driuwt en sikje min heil en treast dér by. (*Hy wist op 'e flesse.*) Sa fier is 't komd. Alear wieren 't switdrippen, dy 't ik falle liet for min hûshalding, mar tsjinwirdich binne 't faek bittere triennen.

Sitse. (*Mei klim.*)

Wel Siouke, stiet dat sa!! Is 't safier komd?

Siouke. (*Oandien.*)

Ja, it is yette fierder komd, bûrman. As ik al min skilden bitelje en elts lik en riucht dwaen seil, den ha 'k gjin cintmear to wrald; den bin ik dea-earm, Sitse, en hwet den?

Sitse. (*têge forheard.*)

Dêr wird ik siker kjel fen! Jou dea-earm? Dat kin net; dat is net to thinken. Kom, kom, jou hawwe dôch fry hwet egen lând en dêrby in boerkery, dy jy siker net leech hoeve to skatten. Ho great moatte den jou skilden wol net wêse?

Siouke.

Ik kin 't jo by gjin mûlkheid sidze, hofolle ik sa foar en nei by disse en jinge al opnomd ha, faek wol om rekkeningen en wixels to foldwaen, dêr ik alhiel neat fen ôf wist. Hwet ik barde dat wirde my stees ûnder 'e handen wei, sa dat ik mei de hier nea op tid klear komme koe en jimmer in ein in 't efter kaem. 't Lând is sa swietsjes wei forhypotheke, de boerkery net fry mear en sels de inboel for in diel forpânde. Ik ha nou al in tidlang it iene gat mei 't oare witen

to damjen; throch m'n goede namme wier dat mûlk, hwent der dreau ik op; mar jy bigripe, dat moat de iene ef de oare tid fêstrinne, sa wis as twa en twa flower is en yette freegje ik jy as goe frûnd: ho *den?*

Sitse.

Ho den? Jy matte freegje ho *nou?* Der moat dadelik handle wirde. Op *my* kinne jy rekkenje. 't Scil for jo dwaen hwet ik kin. Jo in alles bihelpsom wese. Der moat in e' earste pleats in middel útfûn wirde om de oarsaek fen 't quea wei to nimmen. En dy oarsaek is nei jou sidzen wol to finden.

Siouke.

Wol to finden, mar *net* wei to nimmen. En wirth er weinomd, scoe 't den yet net to let wese?

Sitse.

Praet sa net. Gjin moed forlern. Need stelt wetten.

TSIENDE TOANIEL.

Siouke, Sitse en Boukje.

Boukje (*Mei folle alteraesje, fry hwet op 'e ein.*)

Der ha jy it al. It thochte it wol. O lieave frede en gjin ein! Dêr moat ik nou thûs komme, fen 'e bisite helle wirde, om jimme in to skinken en to bitsjinjen. It is jo den dôch throch alles hinne. O Siouke, Siouke, hwet bringe jou hjir al in lêst in 'e hûs. 't Hiele dorp scil der skande fen sprekke sa'n gemiene handelwise.

Siouke (*Mei earnst en krêft*)

Swy frou!

Boukje.

Swye!!! Hwet miene jimme wol? Earst sa, en den yen ek yet 't riucht fen sprekken to binimmen. Ik scoe my skamje, dat wird to uterjen. *Ik swye!* My in min egen wente 't swyen op to lidzen. Hwa het er ea fen heard. As ik my stilhâlde, scoe'k to Freantsjer thûshearre. Né man, ik lit my de gik net oanstekke op fierren nei net. Dêrta bin ik to fier komd.

Sitse.

Ho fier scoeden jy den komd wêse, Boukje?

Boukje.

Fierder as jou skele kin, Sitse. Jou ha al mear as genoach oan jou egen thûs. Gean dêr hinne om de boel op stelten to setten. Siouke hoeft net opstokele to warden, né siker, dat hoeft net. Dy is út him sels al sinnich genoach. Mar ik thochte wol, dat hjir in houtsjie mei ûnder lein wier, dat it sa in enoar siet, hiel wol. Der is fen sokken net oars to forwachtjen. O fy, sok dronkeliu's dwaen! (*Hiu falt op 'e stoel del.*)

Siouke en Sitse (*tagelik op hir ta.*)

Den siugge jy ús for dronken oan?

Boukje (*fliucht ek wer oerein.*)

Dat is *min* saek net. Hwet thinke jimme wol, dat ik blind bin. Lit de fesse tsiugge hwet *jimme* binne. Sokke manliu! Yen earst sûnder reden fen in deftige bisite thûs helje to litten, den yen it swyen op to lidzen en den yette út to farren, as me de wierheit seit! Is 't net freselik? O lieave sei, it is throch alles hinne, my sa'n

kroane op 'e holle to setten. Siouke, Siouke, it ropt oan de himel. . . . (*Hiu falt wer op 'e stoel del.*)

Siouke scil op hiar ta. Sitse keart him tsjin en leit him it swyen op.

Sitse (*hiel bedaerd, mei klim*) foar Boukje.

Ik scoe jo in earnst riede, Boukje, gean sitten en bidarje hwet. Jy binne hwet al to oplicapend. Leau my as goe friënd: 't het Siouke sin doel net wêst om jou to pleagjen en it bloed hjit to meitsjen.

Boukje (*op 'e selde toan.*)

Ek in earnst, Sitse, scoe 'k jo riede om jo stil to hâlden. Der stekt siker gjin eare in, om jo twiske man en wif to stellen en de hând twiske de bast en de beam to stekken. Lit Siouke sin egen paed skien meitsje, bring jou jo goede ried thûs to plak.

Siouke.

As ik jo bidde mei, frou, praet sa net. Sitse dy is hjir net komd om my oan to fiterjen en tsjin jo op setten, mar wol om ûs to helpen.

Boukje. (*Earst fry bidaerd, letter mear oandien.*)

Wy binne sin help net brék. Dêr laitsje ik om. Ik scil út min egen fearren wol fleane en jou matte jou gong mar gean, min goede man. Meitsje my it libben mar sûr. Doch jou bêst mar. Dat het altid jou stribjen wêst, en nou my thûs to heljen, my 't swyen op to lidzen, my it bloed hjit to meitsjen, to hûnjen, to pleagjen en to hjitfalgjen! Sids, Siouke, is 't den min skild dat jou jimmeroan thûs sitte, dat jy nearne gjin tel binne, en dat jy in deftige kringen net talitten wirde? Kin ik it helpe, dat jou net eard en net achte wirde, en dat se oeral de gik mei jou domme en lompe boerskens hawwe? Sids wolle jy *my* der in forwit fen

meitsje, moat ik it dêrom ûntjilde en ta'n spot wirde fen hiel de wrald. O lieave frede en gjin ein, dat seil den it lean wêse for al mîn goeddwaen en opofferjende sorgen! Siouke, Siouke, (mei de bûsdoek foar 'e eagen).

Siouke (*wol wer op hir ta, dôch Sitse keart him tsjin*).

Sitse.

Kom Siouke, as 't ienkear safier komd is', is 't siker better to swyen en hinne to gean.

Siouke. (*Sitse de hând op 't skouder*).

O, Sitsel

ALFTE TOANIEL.

Boukje (*fornimt dat hia foart geane*).

Der ha jy nou it biwis fen skild! (*Lûder foar de doar*). Sids, Siouke, kin de wierheid gjin liocht fordrage, eangeste dy oan to hearren.

TOALFTE TOANIEL.

Ulkje en Betsje (*tagelîk to forskîn, mei folle alteraasje*.)

Ulkje.

O, mem, hwet is my dat in jûnd!

Betsje.

Us ûnk is net oer to siean

Boukje (*thige forheard opsieande.*)

Hwer komme jimme wei! (*Oandien*) O, bern! ha jimme it heard? Ha jimme it heard, ho 't jimme heit en Sitse

Betsje (*hir in 'e reden fallende.*)

Ja, ja, wy witte alles. Wy ha alles heard. — Swy mar stil, en doch gjin forwitingen.

Ulkje.

O, né, doch dat net. Wy skamje 't ús to uterjen, hwet wy ta ús egen skande oanheard ha.

Betsje.

Heit sin saken binne alhiel in 'e war, alles is op en wei.

Boukje (*forheard*).

Hwet sidze jimme?

Ulkje.

Gjin stien, dy ús egen mear is. Wy binne dea-earm.

Boukje.

Wy earm? Us saken net goed? Alles op en wei? Hwa bliest jimme sok ding in 't ear? — (*In har sels.*) Dat moast er yet mar bykomme. O Siouke! Nou de bern ek yette (*Tsjin 'e bern.*) Mar wol jimme my den net leawe? Ik sids jimme, dat er gjin leger wâl is, en ha 'k dat altd net seïn, as jimme heit er op út wier, de freeslike skrikbilden fen in tsiustere takomst ôf to skilderjen, fen sels om jimme en my fiele to litten, ho throch ús tadwaen alles ringen op en wei wêse scoe As me him heart, is 't earmoed en elinde hwet it klokje let! Ofjaen op oaren om sels moai man to bliuwen! Hwet mient er wol mei sin

earmtlik fortean, dy formoarde ûnskild, sa 't er it jerne foarkomme lit. Jimmer suchtjend en grinend, my it libben sûr meitsjende, lêst en ûnrêst in 'e hûs bringende. (*Suniger.*) Mar wolle jimme mei *him* gean en my allinne oan 't lot oerlitte, gean jimme gong. Harkje nei in rûsige holle en folgje dy. O né, jimme hoeve jimme mem net mear to leawen

Ulkje.

Ja wy wolle jo wol leawe, mem. Mar siker, wol den ek ús leawe, om 't wy er mear fen witte, as jo ea thinke kinne. Heit hat in fortrowen oan Sitse, as bûrman en goefriund, alles sein en útlein, en der sprieken earnest, weamoed en wierheid út al sin wurden. Ja, wy ha 't allegearre oanheard

Boukje (*lûder*).

Den ha jimme it heard, ho skandlik as hia my to fiter hawn ha, ho 't jimme heit my 't swyen oplein, my pleage en hjitfalge hat? Den ha jimme it heard, ho skandlik as dy Sitse der mei ûnder siet to stokeljen, allinne om my mar ta'n spot to meitsjen fen hiel de wrald. O, bern

Betsje (*mei krêft*).

As Sitse ús net bystiet, mem, den klinkt it skielk oer de hiele wâlden, Siouke Simmenga is *failliet*, en hwet den?

Ulkje.

Hwet den, as 't ienkear to let is?

Betsje.

Den binne wy for altid brândmerke. De queasprekkende wrald, de plumpe folksheap en 't rou gemien, dy scille ús troch it slik helje en sa d' earbre namme fen ús

stamme for altid biswalkje. En hwet scille ús fyan-
den net dwaen? Hwer scille ús friúnden bliuwe? O, ús
lot scil bitter wése, as wy ienkear, biroave fen alles, út
ús libbenstand fordreaun binne.

Ulkje.

Nou binne wy yette in eare en oansiean únder ús
likens en dat kinne wy bliuwe mem, as wy mar mei
forstånd handelje. Nimmen twivelt yette oan ús wolfeart,
nimmen dy 't ôfwit fen 't gefaer, dat ús driget, en as wy
ús búrman mei al sin lek en brek, as man fen jild en
túk oerlids ús bitrowen skinke, den is er yet alle hope
op in goedginstige útkomste.

Boukje.

Us oerjaen oan de genade fen Sitse? Wolle jimme
my dêrta thwinge? — Witte jimme den net, dat ik
strak yet sein ha, dat ik lake om sin help en bystånd,
dat ik út min egen fearren wol fleane scoe, dat er sin
goede ried thús mar to plak bringe moast, dat er al
mear as genoach hie oan sin egen hús en oan sin egen
kriús — en nou my to fornederjen for him, forjiffenis
to freegjen, mûlk him bidde en smeke to moatten,
o bern, al hwet ik kin, dat kin ik net; dêrta sit min
earlik hert yette to heech; dêrta stel ik yette to folle
bitrowen op ús egen länden en pänden.

Betsje.

Wy ha gjin egen länden en pänden mear. Wy hase
ienkear *hawn*, en wy *miene* se yet to hawwen. — Sa
't ús saken nou geane en steane, moatte wy de boerdtsjes
forhingje en de handen mei enoar in ien slaen, wolle
wy wer by de wâl opkluwe en *wirde* hwet wy ienkear
wést hawwe.

Ulkje.

Wite jy yette, hwet beppe fen Twellegea ienkear sei, do 't wy op 'e kostskoalle scoeden: »*Heech oan en Smalbrêgge net ienris bisile*», sa sei 't ald sloof, en nou past it ús mei pake to sidzen: »*t Moat earst op 't slimst, ear 't betterje kin*».

Betsje.

O ja, dat is nou allegearre goed en wol, Ulkje. Mar lit ús dêrom net fen 't iene uterste in 't oare falle.. Twisken Heech en Smalbrêgge leit *in goudene middenwei*. Lit it wier wêse, dat wy dy wei net genoach in 't each hâlden ha. Us opfieding en omjowing, de geast fen ús tid en wollicht jeugdige earsuchte, ha dêrta meiwirke. Us foaralden binne safolle binefter bleaun, as wy to fier gong binne. Doch mei hiar kinne en meye wy ús net in 't gelik stelle. In ûntwikkeling en biskaving tsjinje wy hiar foarût to wêsen. Oeral stiet de wei dêrta iepen hioeddeis. Sa stelt de tid heger easken, en wy krye greater bihoeften. Giet de stofflike wolfeart dermei hand oan hand, den kinne dy bifredige wirde, mar wea, as de sucht nei weelde en geniet 't deisk bidriuw oerskadet, en de heechmoed ús ta in libbenstand fiert, hwer 't de inkomsten gjin riucht ta jowe. Tsjin better witen oan ha wy ús dêrta forliede litten. Ek it forstand kin 't riuchte paed biuster reitsje; mar wier bliuwt it ek, dat dy liedsman yen ringen wer bystiet en toriuchte bringe kin, as wy nei sin stimme harkje wolle. (*Me heart praten efter 'e skermen*). Lit ús dêrom ek nei foaren gean, foart 't de boaden ús hjir oer 't mot komme, en dêr it skeel mei enoar foreffenje, sadat wy throch iendracht en gemien oerlids wer ta it doel komme meye, dat wy ús in disse omstandichheden foar eagen stelle moatte.

TRETTSIENDE TOANIEL.

Metten.

Yette gjin folk, Ale. (*Hy siocht rûnd*). Hjir net, dêr net..... Ho moat it nou, seiste?

Ale.

'k Wit net, hwet 'k hjir fen thinke moat!

Metten.

Net? Ik wol. Think mar, dat dat spiltsje dêr for ûs delset is. Kom oan, gean sitten, den seil ik dy ris in-skinke. Siochste wol, it komt krekt út: for ûs elts in romer mei in stoel der by. Ho woste it better ha? (*Hy skinkt de romers fol*).

Ale.

Al hien' se ûs forwachte, woest' sidze.

Metten.

Krekt sa, der hastou it by de riuchte ein. Wy moasten ûs switsje bitelle ha. Nou (*Stekt de romer leech*), op it woldyen fen Jolle faem!!

FIERTSIENDE TOANIEL.

Ale, Metten en Trin.

Metten.

Kom Trin, drink ris mei.....

Trin (*dy mei wichtich nys op Ale tagiet*).

Haste it al heard, Ale?..... Witste er yette neat fen?

Ale.

Né, hwerfen scoe 'k eat witte. 'k Ha nearne wêst.

Metten (*ûnforskillich*).

Hald dy mar sa dom net. Hy wit alles wol, Trin. Hy wit wol, ho 't er rûndtsjes op 'e kant sette moat. Sids him mar neat near.

Trin (*slacht Metten sîn praet gjin acht*).

Us boer en Sitse, de frou en Ulk en Bet, dy binne allegearre in 'e foarkeamer. Ik ha de frouliu thûs helje moatten, kin 'k dy sidze, mar ef it er ek lûd om ta gong is. Och, och, hwet wier de frou op d' ein, en hwet binne Ulk en Bet mei hir great fortean lits wurden. Ringen scilste er wol near fen hearre. Hia binne nou mei elkoar dêrfoar oan 't harrewarjen, en 't scil my binye hwet d' ein wirde scil!

Metten (*yette allike ûnforskillich, mei de flêsse
in d' iene, de romer in d' oare hân.*)

Hwet d' ein wirde scil? Dat kinste siean, Trin! dat scil ik er wol oan meitsje... Omdat het zoo lekker is!

Ale. (*fry lûd.*)

Hwet skeelt dy, smoarge jonge, to maltierjen

Trin.

Ik scoe mar hwet minder drokte meitsje en siean dat ik hjir weikaem — anstûnds komt de hiele kliber hjir allicht hinne setten.....

Metten.

Lit se komme, mei in earlike consciensje hoeft me for nimmen it paed to romjen.

Trin.

Dat jaget mar jimmeroan de boel in ûnstiûr en jowt elts mar in wis biskie. En dat in smoarge jonge, dy 't pas in 'e wrald kipet en him sels net ienris bi-drippe kin! As ik baes wier, scoe 'k dy ringen it gat fen 'e doar wise, pist aste biste!

Metten. (*Gikoanstekkend.*)

Den bistou gjin baes, Ninke?..... O né, dat 's wier ek, dou biste yet mar *baesinne*. Nou binne der oars ek wol *baesinnen*, dy wol eardich for master splje kinne. Ik hear se to minsten wol ris throchslaen, as 't blinde finken binne.

Trin.

Dou hearste in hele bulte, mar aste sa goed swye koeste, aste nou snetterje kinste, m'n lieave jonge, scoe'n se dy sa faek net op 'e rêch oansiean, as wierste fen 't gemienste slach ut 'e efterôf strietten. Dêr past sok praet, astou jimmeroan foar in 'e mûle haste.

Metten.

Hó ha 'k it nou mei dy?..... Dat fen dy baesinnen en dy bline finken — dat lûkste dy dôchs net oan wol? As ik dat thinke kinnen hie, siker den scoe 'k it wol swyd hawwe, hwent dou dochste safolle for m'n goede opfieding — en mei d'n forbild foar eagen, hwer 't ik my alhiel nei forme ha, moasten se my al lang *fen foaren* oansiûn hawwe.

Scoeden de liuwe dy wollicht ek *op 'e side* oansiean? 't Is mar in frage..... Op side biste sa moai wol as.....

Ale (*lilts*).

Aste nou yet langer sok praet fierste, den seil ik dy ris efkes oer 'e drompel fen 'e bûtendoar tille.

Metten.

Dat scoe my neat fen dy tsjinfalle; den scoeste dôchs ienkear fen din libben in kearel útmeitsje. Hwet seistou, Trin? Bist ek yet lilts? 't Wier mar sa beare bortjen, ju!

Ale (*kort*).

Thinken ef nin thinken, ik ha min nocht, din wis praet oan to hearren.

Metten.

Dat leit oan dy. Om my meist hinne gean, en ik ha dy hjir net roppen wol?

Trin (*tsjin Ale*).

Ei kom, 't roait nearne net nei!

Metten (*laeitsjende*).

Dat moatst net sidze, fanke, 't roait wol. Dou skinst to minsten wol aerdich rekke to wêsen, oars scoeste sa brimstich net wêse. Mar hwet quea stekt er nou ek in, as me elkoar ris laeitsjende wei de wierheid seit. Dat freegje ik dy nou, Ale?

(*Me heart siongen efter 'e skermen, (as 't kin) mei musik; de boaden forwiderje hiar nei d'aftergrûnd fen 't toaniel by de siddoar. — Metten giet kort dêrop nei d' oare siddoar op 'e lûster.*)

Siouke, Sitse, Boukje, Ulkje en Betsje,
sionge efter 'e skermen:

Wise: *Zie de leliën op het veld.*

Mei in 't stil en nedrich lând
Weelde en oerdied wêse?
Hwer we út fûgelt, fiea en field
Miette en ienfâld lêse?
O natûr, din bîld sa skjin
Stimt ta goêde, froede sin.
Wol ûs liedster bliuwe! (*bis.*)

Scoe me in 't stil bidriuwich lând
Loai en liddich wêse?
Hwer me út al hwet ûs omjowt
Wirksomheid kin lêse?
O natûr, din bîld sa skjin
Roep ta 'n ivrich, flitich sin.
Wol ûs liedster bliuwe! (*bis.*)

Trin (*forwûndere*).

Scoe de bui oerdreaun wêse?..... Ho is 't mûlk?
Laeitsje en skrieme in ien sike. Aste it strakjes ris heard
hieste, ho 't se elkoar útmakke ha..... 't wier as 't hûs
in townen hong. En nou wer sa!

Metten (*in 't hinnegean*).

Nei raer waer komt moai waer. Wit, ho blier as *wy*
elkoar strakjes wer oanlaeitsje, Trin.

Ale.

Dat is fêst Sitse sin wirk.

Trin.

Grif is 't dat. Dy is twiskebeiden komd en hat se

allegear it lexiom ris thige lësen. (*Fortrowelik:*) Mar witste wol Ale, hwer 't him de skoech nou egenlik knipte? (*Hia makket de beweging fen 't jildtellen.*) Dêr siet de knoap.

A l e.

Dat wist ik en dêrthroch wier 't Sitse mûlk de frouliu bynei to kommen. 'k Wier der sont lang wol mei bikend, ho 't de forke hjir in 'e stâlle siet. De boer hat my sin nedden sa faek wol klage. Mar hwet scoe 'k? Om him en ûs allegearre, is 't siker to hoopjen, dat de saek mar toriuchte en 't skeel bisliuchte wirde mei. (*Lûkt de skouders op.*) Sa koe 't net langer.

M e t t e n (*komt op Ale en Trin ta.*)

Hia komme hjir hinne hear! Hia fregen nei ûs, en as wy nou hwet woeden, den moasten wy hiar al siongende wei to miette gean. Kom oan, en den alle skeel út 'e wei!

(*Me heart wer siongen. Metten falt dalik in en giet Trin op 'e side. Siouke, Sitse ensf. fen d' iene en de boaden fen d' oare side, komme siongende wei it toaniel op.*)

K O A R.

Wise as nîs.

Scoe in 't stil en freedsom lând
 Skeel en twadracht wêse?
 Hwer w' út blêd en blom en krûd
 Harmonye lêse?
 O natûr, dîn bild sa skjin
 Fieth ûs op ta minskemin
 Wol ûs liedster bliuwe. (*bis.*)

(*Ien fen 'e dochters ef de frou is ûnderwiles hinne gongen en hat in flesse wîn mei tabihearren opset, en elts in glês inskonken.*)

Sitse (*tsjin 'e boaden*).

Dat forheget in wierheid it lok fen disse jûnd, dat jimme as boaden sa iendrachtich mei ûs instimme, hwer 't wy in blide klanken ûs langstme úterje nei ienfâld, frede en harmonye.

Siouke, sin wif en de bern.

Dêrop wolle wy drinke!

Boaden.

Dêrop wolle wy klinke!

Wise: *In it litse dorp Terkaple.*

Foart oan wolle wy as boaden
 Trou en flitich iens fen sin,
 Jimm' bilang en foardiel sikje,
 Dwaen hwet jimme haegje kin. (2 kear.)

Siouke, Boukje en de dochters.

Thankje, thankje thûsend kearen
 Sitse for jou rie en die;
 Boaden for jimm' eabel sribjen
 Smeitsje mei ûs wille en tier. (2 kear.)

KOAR.

Wise: *Io vivat.*

Skink in de win! skink in de win!
 't Jilth hieod in blide dei;
 Wy binde jûnd in friûdebând
 En swarre trou oan »lând en stând»:
 Lang libje hia, Lang libje hia!
 Lit klinke en lûd hoerah!

MANLIU.

Wise: *To Boalsert in 'e merke.*

It is sok noflik wêsen

In wille by elkoar.

Hwêr d'iene hwet foar 'd oare docht) *Sitse jowt*
 Dat jowt sa wier oan beide nocht (3) *Siouke dehând.*
 Och, kaem 't mar faker foar.

FROULIU.

O, eale friske fammen,

Brûk jimmer 't sûnd forstånd,

Bliw freamd fen swide útwrîdske pronk

Wês op 'e tid by hûs en honk. (3 kear)

Bliw trou oan lând en stând.

KOAR.

As nîs.

Skink in de win, en sa foart hinne.



De titel „Heech oan en Smalbrêgge net ienris besile” is in sprekward, dat ik ris heard ha fen in Toppenhûster boerinne. Heech en Smalbrêgge lidze bisiden Toppenhûsen en binne hjir dos egenlik pleatsnammen.